

SKRIFTLIKE FRAGEN, eks kêst 42 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS / lid DS	Sietske Poepjes
Ynliedende taljochting en fragen	<p>Ynlieding:</p> <p>Nei in lange proseduere waard twa wiken lyn bekend dat de Ryksuniversiteit Grins nei eigen sizzen yn Dr. Anne Merkuur in opfolger fûn hat foar professor Goffe Jensma. De Provinsje giet fansels net oer de bedriuwsfiering fan de RUG, mar de FNP fynt al dat de oerheid garant stean moat foar it beskikber wêzen fan in folweardige universitêre stúdzje Frysk ynklusyf learstoel en de mooglikheid op universitêr nivo Fryske taal en kultuer te studearjen.</p> <p>De ynfolling dy't de Ryksuniversiteit Grins no kiest by de learstoel Fryske taal en kultuer jout oanlieding ta in tal fragen.</p> <p>1. Konflikt en 'deal' Ryksuniversiteit – Provinsje Fryslân</p> <p>It ôfskied fan mjiertes professor Jensma siet der al in skoft oan te kommen. Yn de simmer fan ferline jier hat de deputearre har soargen oer de status en takomst fan de learstoel Frysk yn in brief oan it bestjoer fan de letterenfakulteit kenber makke. It Frysk moast in <i>'robuust academisch karakter'</i> hawwe. De dekaan fan dy fakulteit woe lykwols net dat de provinsje as eksterne net-wittenskiplike partij in rol by de opfolging krije soe. Yn reaksje dêrop hat it kolleezje yn desimber in folweardige posysje fan de Fryske taal oan de Ryksuniversiteit Grins easke en in rol by de oanstelling fan in nije heechlearaar Fryske taal- en letterkunde. As de Ryksuniversiteit by dy ôfwizing bliuwe soe, dan soe de provinsje de Ryksuniversiteit Grins de rêch ta keare, ek wat de finansiering oangiet. Yn it brief skreau it kolleezje dat de tiid kaam wie om it Frysk yn âlde gloarje werom te bringen, en om de stúdzje wer folslein en selsstannich te meitsjen. De dekaan gie net op de easken yn, der soe gjin selsstannige Fryske master komme, omdat dêr net genôch studinten foar wêze soene en foar it opsetten fan in master minimaal twa jier nedich is. Dêrneist joech de dekaan oan dat de learstoel Frysk der hoe dan ek bliuwe soe, mei of sûnder de bydrage fan Fryslân.¹</p> <p>Op 19 oktober makke de Ryksuniversiteit Grins bekend dat it Dr. Anne Merkuur oansteld hat om it ûndersyk en ûnderwiis op it mêd fan de Fryske taal en kultuer stal te jaan. Dr. Merkuur wurdt as Universitêr Dosint oansteld en kombinearret har wurk mei har besteande oanstelling oan de Fryske Akademy, wylst de liedingjaande taken de kommende perioade troch in kollega fan de oplieding Minorities & Multilingualism útfierd wurde. Oer inkelde jierren sil der op 'e nij socht wurde nei geskikte kandidaten foar de posysje fan heechlearaar, omdat dy der no net wêze soene.² Dêrnjonken sil der yn gearspraak mei de provinsje Fryslân in helberensûndersyk dien wurde nei universitêr en postakademysk ûndersyk op it mêd fan Fryske taal en kultuer.³</p>

¹ UKrant.nl, 'Friesland wil meedenken maar letteren zegt: it kin net', 28 juny 2021; 'Provincie Fryslân zet RUG voor het blok: wij doen mee of wij gaan weg', 3 desimber 2021; 'RUG herhaalt: geen bemoeienis Fryslân bij benoeming hoogleraar Friese taal', 8 desimber 2021; Friesch Dagblad, 'Poepjes houdt voet bij stuk in botsing met RUG over opleidingen Fries', 14 desimber 2021;

² Leeuwarder Courant, 'Anne Merkuur uit Oudehaske wordt universitair docent Fries aan de Rijksuniversiteit Groningen (maar een hoogleraar is niet gevonden)', 19 oktober 2022

³ Rijksuniversiteit Groningen, parseberjocht: 'RUG investeert in samenwerking bij bestudering Friese taal en cultuur', 19 oktober 2022;

1.1

In jier lyn easke it kolleezje in rol yn de opfolging fan de heechlearaar en in folweardige posysje fan de Fryske taal oan de Ryksuniversiteit Grins. Yntusken hat it kolleezje him tefreden steld mei de ynfolling fan de taak troch in parttime universitêr dosint. Dat liket yn tsjinspraak mei de eardere uterings fan it kolleezje. Wat is neffens it kolleezje in folweardige posysje fan de Fryske taal oan de universiteit?

1.2

Yn earste ynstânsje waard socht om in nije heechlearaar. Doe't dy proseduerre mislearre wie, is de nije universitêr dosint bûten de kommisje om beneamd. Neffens de mjrkes professor Jensma⁴ wie dat net reglemintêr en soene der wol kandidaten wêze dy't oan de easken foldogge. De Ryksuniversiteit jout oan dat it oer in tal jierren de fakatuere foar in heechlearaar op 'e nij iepenstelle sil. Hat it kolleezje ynsjoch yn de reden wêrom't dy fakatuere foar in heechlearaar Fryske Taal en Kultuer net iepenstean bliuwt of wêrom't net in twadde rûnte opstarten is? Wêrom wie der net de mooglikheid foar oare kandidaten om har as universitêr dosint te oppenearjen?

1.3

In heechlearaar hat binnen de universiteit in folle hegere rang en mear te sizzen oer de útfiering fan it belied fan de fakulteit as in universitêr dosint. Dat soe te koste gean kinne fan it Frysk oan de Ryksuniversiteit. Hoe sjocht it kolleezje dêrnei? Soe it kolleezje druk útoefenje wolle op de Ryksuniversiteit om sa gau as mooglik wer in heechlearaar te krijen?

1.4

It ûnderwiis en ûndersyk op it mêd fan de Fryske Taal en Kultuer is ûnderbrocht yn in *track* binnen de Bacheloropleiding Minorities & Multilingualism. Kin it kolleezje oertsjûgjend oanjaan wêrom it tinkt dat Frysk as in *track* in 'robust akademisch karakter' hawwe kin? As it kolleezje dat net kin, wêrom hat it dan twa wiken lyn sa'n posityf lûd hearre litten oer de keazen oplossing?

1.5

Neffens de dekaan, professor Thony Visser fan de letterenfakulteit binne der net foldwaande studinten foar in selsstannige oplieding Frysk. Kin it kolleezje oanjaan wat it probleem is? Hoefolle studinten moatte der wêze foar in selsstannige oplieding? Is dêr in wetlik minimum foar, of hinget it gear mei de bekostiging fan de stúdzje? Yn dat ferbân, hoe ferhâldt him dat mei de rynske bydrage fan Provinsje en Ryk foar it yn stân hâlden fan de learstoel Frysk?⁵

1.6

Neffens professor Visser kostet it opsetten fan in Master mear as twa jier. As der no mei begûn wurdt, soe dy dus yn 2024 begjinne kinne. Wit it kolleezje oft der dan no yntusken wol wurke wurdt oan sa'n Master?

⁴ Leeuwarder Courant, 'Emeritus hoogleraar Goffe Jensma: benoeming van RUG-docent Anne Merkuur is 'onreglementair', 19 oktober 2022; Omrop Fryslân, 'Jensma: "Beneaming Merkuur foar Frysk oan de RUG is snútslach foar it Frysk"', 19 oktober 2022;

⁵ Omrop Fryslân, 'DINGtiid: "RUG moat jild efterút lizze en hie earder heechlearaar sykje moatten"', 20 oktober 2022;

2. Bachelor Minorities & Multilingualism

Yn 2013 is it Bachelor-programma Minorities & Multilingualism (M&M) opsetten as opfolger fan de oplieding Fryske Taal en Kultuer, dat doe foaral in tale-oplieding wie. By M&M leare studinten mear oer de taalkundige, kulturele en politike aspekten fan minderheden en har talen, dêrby wurde de trije noardlike provinsjes as lokaal laboratoarium brûkt. Binnen it programma kin in spesjalisjaasje Frysk of in oare minderheidstaal en/of kultuer keazen wurde. Yn 2020 advisearre it akkreditaasjepanel om it profyl fierder oan te skerpjen en der foar te soargjen dat de fokus op minderheidstalen lein wurdt. It panel stipe de fersterking fan de Fryske track.⁶

2.1

Mei de ferfanging fan in heechlearaar troch in parttime universitêr dosint en in stêf dy't foar in wichtich part gjin eftergrûn op it mêd fan de Fryske Taal en Kultuer hat, liket it der op dat it Fryske elemint fan de oplieding earder swakker as sterker wurdt. Dêrmei soe de akkreditaasje fan de oplieding by de folgjende syklus (yn 2025) yn gefaar komme kinne. Sjocht it kolleezje dat gefaar ek, en as dat it gefal is, wat sil it kolleezje der oan dwaan om dat foar te kommen?

2.2

Is it by it kolleezje bekend oft njonken de nije universitêr dosint stappen set wurde om de *track* Fryske Taal en Kultuer te fersterkjen?

3. Ofspraken Ryk en Provinsje

Yn de besteande Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2019-2023⁷ stiet dat der in learstoel Fryske taal- en letterkunde bestiet oan de Ryksuniversiteit Grins. Foar dy learstoel begrutsje, njonken it reguliere jild út de begrutting fan OCW, sawol it Ryk as de provinsje Fryslân elk in bydrage fan € 110.000 per jier. Yn oanfolling op de Bestjoersôfspraak hawwe de provinsje en it Ryk yn april fan dit jier it Sichtberensakkoart⁸ Frysk/Fryske taal sletten. Dy ôfspraken binne mei basearre op de ynternasjonale ferplichtingen dy't de Nederlânske Steat oangien is en dy't ynhâlde dat Nederlân de stúdzje en ûndersyk fan it Frysk oan universiteiten stimulearje moat en dat der in mooglikheid wêze moat om it Frysk as fak oan de universiteit en yn it heger ûnderwiis te studearjen.⁹

3.1.

De besteande Bestjoersôfspraak rint yn 2023 ôf. Mei it each op hoe't de Ryksuniversiteit Grins omgiet mei de ynfolling fan de learstoel soe it better wêze om folle dúdliker ôfspraken te meitsjen oer de easken wêroan't dy learstoel foldwaan moat. Is it kolleezje ree en lis sokke binende betingsten fêst wêr't de learstoel oan foldwaan moat? Binne dêr

⁶ Nederlands-Vlaamse Accreditatieorganisatie NVAO, 'Besluit strekkende tot het verlenen van accreditatie aan de opleiding wo-bachelor Minorities & Multilingualism van de Rijksuniversiteit Groningen', 30 juny 2014; 'Bevestiging behoud accreditatie bestaande opleiding wo-bachelor Minorities & Multilingualism van Rijksuniversiteit Groningen', 27 july 2020;

⁷ Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2019-2023

⁸ Sichtberensakkoart Frysk/Fryske Taal

⁹ Europeesk Hânfêst foar regionale of minderheidstalen, kêst 7 sub 1 h en kêst 8 sub 1 e ii;

	<p>mei de RUG ôfspraken oer makke en as dat it gefal is, wat binne dy ôfspraken?</p> <p>3.2 Wat fynt it kolleezje der fan dat der foar it Frysk gjin inkelde folweardige Bachelor en Masterstúdzje bestiet? En dat foar in taal mei mear as 350.000 memmetaal-sprekkers yn Fryslân.¹⁰ Is it, ek neffens it kolleezje, net beskamsum?</p> <p>3.3 Fynt it kolleezje ek dat út de ûntjouwings blykt dat wetlik¹¹ fêstlein wurde moat dat der in folweardige learstoel Fryske Taal en Kultuer mei dêrby in oplieding en in stêf bestean moat yn Nederlân? Wol it kolleezje him dêr sterk foar meitsje by it Ryk?</p> <p>3.2 Hat it kolleezje ynsjoch of ynformaasje oer wat de minimale ynhâld fan in folweardige stúdzje Fryske Taal en Kultuer wêze moatte soe? Foldocht de opset fan de stúdzje Minorities & Multilingualism mei de track Frysk dêr neffens it kolleezje yn de nije situaasje oan?</p> <p>4. Keamerfragen stúdzje Frysk en oantreklikens foar studinten De minister fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip skreau yn antwurd op Keamerfragen¹² dat hja fûn dat it fan belang is dat de ûntwikkeling fan de Fryske taal te fersterken en dat der wurke wurde moat om de oantreklikens fan de universitêre talen-opliedingen foar aspirant-studinten te fergrutsjen. It doel dêrfan is om mear studinten op te lieden mei relevante kennis en feardichheden foar maatskippij en wurkfjild. Benammen yn ferbân mei de tekoarten oan leararen yn it fuortset ûnderwiis, moat neffens de minister prioriteit jûn wurde oan û.o. de universitêre talen-oplieding Frysk en moat it ûnderwiisoanbod yn de hjoeddeistige omfang bestean bliuwe. Yn har antwurden reflektearre de minister fierder op de mooglikheid fan in beheining fan it kolleezjejild foar studinten dy't Frysk as twadde stúdzje folgje.</p> <p>4.1 Is it kolleezje fan miening dat mei de nije opset fan de learstoel Fryske taal en kultuer de ûntwikkeling fan de Fryske taal fersterke wurdt en de oantreklikheid foar aspirant-studinten fergrutte wurdt?</p> <p>4.2 Tinkt it kolleezje dat der mei dy opset foldwaande studinten Frysk oplaat wurde sille dy't de kennis en feardichheden hawwe om yn it grutte ferlet yn bygelyks it ûnderwiis, media, oerheid, beliedsûntwikkeling ensfh. te foldwaan?</p> <p>4.3 Kin it kolleezje in ynskatting meitsje fan hoefolle studinten op akademysk en HBU-nivo der de kommende jierren nedich binne om de ambysjes fan de provinsje oangeande de Fryske taal (bygelyks Taalplan</p>
--	--

¹⁰ Provinsje Fryslân, *De Fryske Taalatlas 2020, Friese taal in beeld*, 2020;

¹¹ Friesch Dagblad, Peter Halbersma, 'Universitaire opleiding Fries moet in de wet', 28 oktober 2022;

¹² *Aanhangsel Handelingen II* 2019/20, nr. 3398;

2030, sichtberens Frysk) te heljen?

4.4

Hat it kolleezje sûnt de uterings fan de minister yn 2020 weet fan plannen fan it Ryk om it makliker te meitsjen om Frysk te studearjen, bygelyks troch beheiningen of fuortfallen fan it kolleezjejild foar Frysk (of oare talen) as in twadde stúdzje? As dat net sa is, wêrom dan net. Hat it kolleezje der by de minister op oantrune yn de ôfrûne jierren?

4.5

Mocht it Ryk gjin plannen foar in beheining fan it kolleezjejild foar Frysk as in twadde stúdzje hawwe, soe it dan in idee wêze dat in ôfspraak oer de bekostiging dêrfan yn de nije Bestjoersôfspraak mei it Ryk oppakt wurdt? It giet ommers mar om in relatyf lyts groepke studinten.

5. Rapportazje Nederlân oer ferplichtingen Hânfêst

It komitee fan ministers fan de Ried fan Europa hat Nederlân yn 2020 noch oproppen om it ûnderwiis fan en yn it Frysk op alle nivo's te fersterkjen.¹³ Omdat der in grut tekoart oan dosinten Frysk is, fynt it Komitee fan Eksperts it nedich dat der op it mêd fan de dosinten-oplieding pro-aktive maatregels naam wurde moatte.¹⁴ Neffens de sânde rapportazje (2021) fan Nederlân oer de tapassing fan it Hânfêst¹⁵ wurdt der sûnt 2018/2019 wurke oan nije mooglikheden foar gearwurking binnen de hiele Fryske kennisynfrastruktuer. De minister hat de letteren-fakulteiten fersocht om foar de simmer fan 2021 tariedende aktiviteiten konkreet te meitsjen om de oantreklikens fan it ûnderwiis yn it Frysk en oare talen te fergrutsjen, sadat yn 2022/2023 de earste feroaringen trochfierd wurde kinne.

5.1

Kin it kolleezje oanjaan wat Nederlân (Ryk en Provinsje) sûnt de oprop fan it Komitee fan Ministers dien hat om it ûnderwiis fan en yn it Frysk op alle nivo's te fersterkjen?

5.2

Is it kolleezje op de hichte oft en hokker pro-aktive maatregels der op it mêd fan de dosinten-oplieding naam binne? Yn it gefal dy (noch) net naam binne, wêrom dan (noch) net?

5.3

Wat is der konkreet troch de letterenfakulteiten (yn Grins, mar ek by oare universiteiten wêr't oandacht oan it Frysk jûn wurdt) dien om de oantreklikens fan it ûnderwiis fan it Frysk te fergrutsjen? Binne dy earste feroaringen (te goede) yntusken al trochfierd?

¹³ Recommendation CM/RecChL(2020)3 of the Committee of Ministers to member States on the application of the European Charter for Regional or Minority Languages by the Netherlands, 23 septimber 2020;

¹⁴ Rapportage door de expertcommissie voorgelegd aan het Comité van Ministers van de Raad van Europa in overeenstemming met artikel 16 van het Handvest, Zesde rapportage, 5 novimber 2019;

¹⁵ Zevende Rapportage van Nederland inzake het Europees Handvest voor regionale talen of talen van minderheden, maaie 2021;

6. Universitêre frisistyk en advys DINGtiid

Earder koenen minsken de Fryske taal op ferskillende universiteiten yn Nederlân bestudearje, mar troch it útklaaien fan talestúdzjes kin dat no allinne noch mar yn Grins, en dat is ek al in oantal jierren gjin folsleine stúdzje mear, mar in ‘track’ yn de Ingelsktalige oplieding *Minorities & Multilingualism*. De Fryske Akademy¹⁶ fersoarget mei bysûndere learstuollen ûndersyk en ûnderwiis op it mêd fan frisistyk en de skiednis fan Fryslân en hûsfestet yn Ljouwert ek promovendy. Dêrneist binne der yn Dútslân learstuollen Frisistyk oan de universiteiten fan Kiel en Flensburg¹⁷, dy’t har benammen rjochtsje op it Frysk dat yn it noarden fan Dútslân sprutsen wurdt troch sa’n 10.000 Noard-Friezen.

Yn jannewaris 2021 kamen plannen nei bûten om in Master Frisistyk oan te bieden yn it gebou fan de RUG Campus Fryslân yn Ljouwert. Ek de Fryske Akademy, Tresoar en de Afûk en soene dêr in rol by spylje kinne¹⁸ De plannen binne tsjinholden troch it bestjoer fan de letterenfakulteit.

Yn oerlis mei it Ryk en de provinsje Fryslân hat DINGtiid yn de simmer fan 2021 besletten om in ferdjipjend advystrajekt op it mêd fan de universitêre frisistyk oan te gean. Neffens DINGtiid binne de heechleararen frisistyk de akademyske oplieders fan de Fryske taal en kinne de posysje, de behearsking en, úteinlik, it gebrûk fan it Frysk allinne stimulearre wurde as men op heechleararen weromfalle kin dy’t oer de autoriteit, kennis, fyzje en netwurk op it mêd fan de Fryske taal beskikke. Sy moatte de omstannichheden kreëarje foar de nedige útstream fan dosinten, beliedsmakkers, wittenskippers en oare professionals yn it fjild. Yn jannewaris tocht DINGtiid dat de wichtichste oanrikkemandaasjes foar de simmer fan 2022 helder wêze soene.¹⁹

6.1

Is it kolleezje op de hichte fan de oanrikkemandaasjes dy’t út it advystrajekt fan DINGtiid kaam binne. As dat sa is, kin it kolleezje dy dan mei de Steaten diele? As dat net sa is, is it kolleezje bekend mei de redenen dat it advys en/of de oanrikkemandaasjes der (noch) net binne?

6.2

Wit it kolleezje wat de reden is wêrom’t de masteroplieding Frysk oan de RUG Campus Fryslân de ôfrûne twa jier net fan de grûn kaam is? Is it kolleezje belutsen west by de gearwurking tusken de ferskillende partijen om dêrnei ta te wurkjen?

6.3

De dekaan fan de letterenfakulteit, professor Thony Visser is ek lid fan de Ried fan Tafersjoch en wie earder de kontaktpersoan foar de Ried fan Tafersjoch by de seleksje fan de nije direkteur-bestjoerder fan de Fryske Akademy.²⁰ Hoe tinkt it kolleezje oer dizze ferminging fan rollen

¹⁶ [Fryske Akademy \(fryske-akademy.nl\)](https://www.fryske-akademy.nl)

¹⁷ [Fachrichtung Frisistik \(uni-kiel.de\)](https://www.uni-kiel.de), [Friesisches Seminar \(uni-flensburg.de\)](https://www.uni-flensburg.de)

¹⁸ Friesch Dagblad, ‘Master frisistiek in Leeuwarden in beeld’, 19 jannewaris 2021; Omrop Fryslân, ‘Universiteit wol masteroplieding Frysk yn Ljouwert: “In hiel slachbeammesirkus”’, 19 jannewaris 2021;

¹⁹ DINGtiid, brief oan de Ryksuniversiteit Grins, oangeande: ‘ynput foar profyl nije heechlearaar Fryske taal en kultuer’, 10 jannewaris 2022; ‘Op ‘e syk nei nije dynamyk. Advysnotysje oangeande de kennisynfrastruktuer fan it Frysk’, desimber 2020;

²⁰ Fryske Akademy, ‘Fryske Akademy zoekt directeur-bestuurder’, foarjier 2020;

	<p>troch de dekaan? Tinkt it kolleezje dat it in rol spile hat by de oplossing dy't keazen is?</p> <p>6.4</p> <p>Is der yn de petearen tusken de Provinsje en de RUG oer de ynfolling fan de heechlearaar Fryske Taal en Kultuer ek yn bredere sin praat oer de ûntwikkeling fan de RUG Campus Frysk? As dat it gefal is, wat wie de ynhâld fan dy petearen? Tinkt it kolleezje dat der mooglik yn de takomst in Master Frysk yn Ljouwert komt? As dat net sa is, wêrom net?</p>
--	---

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hantekening) FNP, Sijbe Knol
---------------	--

Datum	3 novimber 2022
-------	-----------------